

# Merke

skreaun foar de Trûbadoersjûnen fan 2006

7/8 , fluch (3+2+2)

A: minsken 't is merke, moatst it wol merke  
oeral is't merke dei  
swiere en sweve, moatst it beleve  
makkest mar even mei

D // G / A / D // G / A /  
D // G / A / D // D / D /  
D // G / A / D // G / A /  
D // G / A / D // D / D /

B: dêr't hiel de minskeklyk  
dûnset op de muzyk  
toeters en bellen, net te fertellen  
rêstich of yn panyk

Bm/ /Bm/ A / Bm/ /Bm/Bm/  
Bm/ /Bm/ A / Bm/ /Bm/Bm/  
Bm/ /Bm/ A / Bm/ /Bm/ A /  
Bm/ /Bm/Bm/ A // A / A /

A: roppe en raze, kinst dy ferbaze  
wat in belazerij  
't kin ek noch gekker, guon fyn dat lekker  
dan wurdt it stekkerij

C: 't is al sa âld  
âld as de wrâld  
yn alle foarmen, los fan de noarmen  
wurde wy waarm of kâld

Fism/ /Fism/Fism/ Bm/ /Bm/Bm/  
Fism/ /Fism/Fism/ Bm/ /Bm/Bm/  
Bm/ /Bm/ A / Bm/ /Bm/ A /  
Bm/ /Bm/Bm/ A // A / A /

A: moatst no net klaaie, swiere en swaaie  
dronken fan draaijerij  
kletse en krûpe, swetse en sûpe  
moarn yn 'e poeperij

A: hjoed sil wy fiere, sweve en swiere  
swolchje it bier yn't grut  
'k mei der wol sop fan, moarn bin'k der slop fan  
moarn ha'k in kop fan Jut  
moan ha'k in kop fan, moarn ha'k in kop fan  
moarn ha'l in kop fan Jut!

D // G / A / D // G / A /  
D // G / A / D // A A D !